

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	De Vries Underwerp: Omrop Fryslân
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Al in hiel skoft wurdt der hottefile oer de takomst fan Omrop Fryslân yn it nije mediabestel. De Kommisje-Hoekstra 2 hat syn advys oer de Omrop dellein by steatssekretaris Dekker. By de behandeling fan de Wet Gebrûk Fryske Taal troch de Twadde Keamer yn 2013 binne der troch de Twadde Keamer ek moasjes yntsjinne (oanhâlden) foar de Omrop.</p> <p>Hoekstra en Keamer komme op trije kearnpunten út dy't regele wurde moatte: in wetlike ferankering yn de nije Mediawet fan (de soarchplicht fan de oerheid foar) in folsleine en alsidige programmearring yn it Frysk, in aparte differinsjearre finansiering foar de Omrop om dizze spesjale taak mooglik te meitsjen, en it oerein hâlden fan in eigenstannige stjoerder om dy programmearring te fersoargjen.</p> <p>Op basis fan it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen en de BFTK tusken Ryk en Provinsje sil hjir in konkrete útwurking foar komme moatte. De ûnderhannelingen rinne frijwat stroef, om't Ryk noch Provinsje in earste (finansjele) stap sette wolle om út de ympasse te kommen. It is ek net helder wat it regear docht mei de oanbefellingen fan de Kommisje-Hoekstra. In komplikaasje is it feit dat de steatssekretaris in earste stap al set hat, nammentlik de resintralisasje fan it budzjet foar de regionale stjoerders nei it Ryk. Tagelyk is in besuniging fan it regear op de regionale Omroppen á 17 mln euro per 2016 al ynboekt. Foar Omrop Fryslân komt dat op in strukturele besuniging fan likernôch 1,4 mln euro per jier.</p> <p>De steatssekretaris – tefreden dat de resintralisasje en besuniging foar it regear op papier al realisearre is – hat de presise foarmjouwing fan dy besunigingsopdracht oan de koepel fan regionale Omroppen ROOS oerlitten. In earder plan fan it regear om de regionale omroppen folslein ûnder it behear fan 'Hilversum' te bringen is dêrmei fan tafel. De leden fan ROOS koene it ûnderling ek net iens wurde oer mooglike oare modaliteiten. It liket no ta te gean op lânsdielige gearwurking yn 'klusters' om sadwaande de beëage besuniging te realisearjen.</p> <p>Oer de krekte foarm fan de plannen bestiet ûndúdlikens. Der bestiet ûnderwilens ûnrêst. It feit dat it allegearre sa lang duorret makket de noed en soarch noch grutter. De Freonen fan Omrop Fryslân hawwe dizze noed en soarch no yn in brânbrieff ferwurde.</p> <p>Spitigernôch is de takomst fan de Omrop net binnen dizze Steateperioade ta in útdragen saak kommen.</p>

<p>Fraach / fragen</p>	<ol style="list-style-type: none"> 1. Is de deputearre it mei de FNP iens dat de Omrop struktureel ien fan de wichtichste pylders is ûnder it taalbelied fan dizze provinsje en dit kolleezje? 2. Is de deputearre it mei de FNP iens dat de Omrop dêrmei te wichtich is om de útkomst fan de takomstige konstellaasje oan ROOS allinnich oer te litten? 3. Binne jo op de hichte fan de plannen fan ROOS, hawwe jo dêr op ien as oare wize ek oan meiwurke? 4. Is it krekt dat de Omrop dêr gjin aparte posysje as eigenstannige stjoerder yn de Fryske taal mear by ynnimt? Is it krekt dat der tocht wurdt oan in Noardlike regionale omrop organisaasje yn Grins mei ien haadredakteur en saaklike lieding dy't it belied bepaalt ek oangeande de folsleine en alsidige programmearring yn it Frysk? 5. Wat is de fyzje fan de deputearre hoe't de ferankering fan de Omrop yn de nije Mediawet en de nije konstellaasje fan de regionale Omroppen der út sjen moat? Binne jo foar in selsstannige Omrop mei in aparte (ôfwikende) finansiering en in eigen direksje en haadredaksje, of foar it lykskeakeljen fan de Omrop yn in eventuele nije klusterorganisaasje neffens lanlik model? Hokker foarm tinke jo jout de bêste strukturele garânsjes foar de folsleine en alsidige programmearring yn de Fryske taal? 6. Hoe ferhâldt in Noardlike regionale omrop him ta it provinsjale belied om mei te wurkjen oan in nij Frysk Mediasintrum mei de kranten en oare media, wat de finânsjes oangiet, en wat de Fryske taal oangiet? 7. Wat hat de deputearre konkreet dien nei it mislearjen fan de earste opdracht fan ROOS, om de oanbefellingen fan de Kommisje-Hoekstra 2 realisearre te krijen binne de Mediawet oan de iene kant en binnen in eventuele nije konstellaasje fan regionale omroppen oan de oare kant? En wat wie it resultaat dêrfan? 8. Hat de deputearre sels mei de steatssekretaris om'e tafel sitten om út de ympasse te kommen? Sa nee, wie it dêrfoar net wichtich genôch? Graach jo argumintaasje. 9. Binne jo noch hieltyd fan betinken dat de Fryske ynset fia it finansjele spoar fan de besunigingsopdracht rinne moat, sa' t jo earder seine yn antwurd op mûnlinge fragen fan de FNP yn de Steaten. Graach jo argumintaasje wêrom wol as net?
------------------------	---

	<p>10. Is de deputearre ree om de patstelling te trochbrekken mei in finansjeel oanbod, mei as doel de alsidige en folsleine Frysktalige programmearring struktureel mooglik te meitsjen ?</p> <p>11. Is de deputearre ree om mei dizze ynset de wetlike ferankering, de aparte differinsjearre finansiering en de eigenstannige posysje fan de Omrop as organisaasje te befoarderjen? Hokker oare mooglikheden sjogge jo noch, sjoen it feit dat it te besunigjen bedrach foar de steatssekretaris in fêststeand gegeven liket te wêzen?</p> <p>12. Wat hat de deputearre op dit stuit konkreet te bieden om ús grutte need en soarch, lykas dy fan de Freonen fan Omrop Fryslân, wei te nimmen?</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Annigje Toering
---------------	---

Datum	9 maart 2015
-------	--------------